



Omrop Fryslân
Zuiderkruisweg 2
8938 AP LJOUWERT
www.omropfryslan.nl

28 april 2022

STUKKEN REGIONALE MEDIARAAD

Appendix behorende bij het jaarverslag 2021

JIERFERSLACH 2021 Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân

De Mediaraad bestond in 2021 uit de volgende vertegenwoordigers:

F. Stilma	Freonen Omrop	Benoemd in 2022, aftredend in 2030
D. van Tuinen	Werkgevers	Benoemd in 2014, aftredend in 2022
J. Houtsma	It Fryske Gea	Benoemd in 2016, aftredend in 2024
A. van Dijk	Werknemers	Benoemd in 2016, aftredend in 2024
R. Sterk	Fryske Beweging	Benoemd in 2018, aftredend in 2026
A. Lindeboom – Jager	Voorzitter	Benoemd in 2018, aftredend in 2022
A.J. de Vries	Sport	Benoemd in 2020, aftredend in 2026
P. Sterkenburgh	LTO	Benoemd in 2018, aftredend in 2026
S. van der Meer	Fryske Tsjerken	Benoemd in 2020, aftredend in 2026
M. de Schiffart	Mediadeskundige	Benoemd in 2020, aftredend in 2028
A. Bruinsma	Onderwijs	Benoemd in 2020, aftredend in 2028

De Mediaraad heeft, door de beperkingen die de coronacrisis met zich meebracht, in 2021 driemaal gezamenlijk vergaderd, waarvan eenmaal online. Omdat digitaal vergaderen problemen met zich meebracht, is de raad schriftelijk geïnformeerd over zaken die normaliter op de agenda waren verschenen. Uiteraard werd hierbij de mogelijkheid geboden om reacties te geven of vragen te stellen. Helaas waren bijeenkomsten met externen vanwege de genoemde beperkingen niet mogelijk.

In de vergaderingen kwamen de onderwerpen aan bod waar de Mediaraad zich een oordeel over moet vormen of in mee wordt genomen, zoals de financiële cyclus en uiteraard de programmazaken. Vanuit de verschillende achterbannen werd inbreng geleverd op de nieuwe programmering die de Omrop voornemens was, bijvoorbeeld in de zomerperiode. Vanwege het afgelasten van veel evenementen moest een creatieve vorm worden gezocht om het publiek te binden, hierover werd meerdere malen van gedachten gewisseld.

De Mediaraad vervult een belangrijke rol in de beleidscyclus van de Omrop. Het Jaarplan en de begroting worden in november ter goedkeuring bij de Ried fan Kommissarissen op de agenda gezet en daarna in de decemberbijeenkomst van de Mediaraad besproken. In februari staat vervolgens het Jaarverslag van de Mediaraad op de agenda. In mei wordt teruggeblikt en vooruit gekeken en vervolgens staat dan in september de Kaderbrief op de planning.

Na een presentatie van de uitgangspunten in de Kaderbrief vanuit de afdeling Ferhalen werd aldus in september een discussie gevoerd of de drie genoemde speerpunten voor het Jaarplan 2022 passend zijn als centrale thema's. Het gaat dan om:


- Smeltende tradities (deels in samenwerking met Tryater)
- Energietransitie
- Natuurbeleving en ecologie

Op voorstel van de Mediaraad is daar nog het thema Wonen aan toegevoegd. Ook is daar terecht verzocht bij de uitwerking te kijken naar de impact van de diverse onderwerpen op de verschillende generaties. Voorbeeld is hierbij de woningmarkt, die vanuit het perspectief van een jongere er heel anders uitziet dan voor een oudere Fries.

De tussentijdse evaluatie en aanscherping van het Concessiebeleidsplan (CBP), dat loopt tot 2025, is besproken en van commentaar voorzien. In dit CBP worden de prestatieafspraken van de gezamenlijke

regionale omroepen en de koepel RPO beschreven en uiteraard levert Omrop Fryslân ook haar bijdrage hieraan. Belangrijke thema's hierin zijn het bereik en bijvoorbeeld diversiteit en inclusie, terwijl opties voor samenwerking tussen de verschillende omroepen worden aangegeven. Een voorbeeld hiervan is de samenwerking bij het ontwikkelen van een nieuwe website en app. Feit is wel dat de positie van de Omrop in het veld met de 12 andere omroepen een bijzondere is vanwege het gebruik van de tweede rijkstaal. Uitgangspunt van Omrop Fryslân bij de afweging om samenwerkingsverbanden aan te gaan is altijd of de eigen identiteit en positie in de provincie overeind blijft en we onze eigen keuzes kunnen blijven maken. Deze afweging wordt van harte gedeeld door de Mediaraad.

In hoeverre vind je onderstaande eigenschappen van toepassing op ...



Figuur 1 "Publieke waarden Omrop Fryslân"

Bron: Motivaction: leeftijdsgroep 18-75 jaar meting 2021

28 april 2022

A. Lindeboom-Jager, voorzitter Mediaraad Omrop Fryslân

FERSLACH

Gearkomste	:	Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân
Datum	:	15 febrewaris 2021 (online)
Oanwêzich	:	Afke Bruinsma (Underwiis) Johannes Houtsma (It Fryske Gea) Akkie Lindeboom-Jager (Deskundige bestjoerlik mêd en foarsitter) Saapke van der Meer (Ried fan Tsjerken Fryslân) Marrit de Schiffart (Media) Richt Sterk (Ried fan de Fryske Beweging) Peet Sterkenburgh (LTO) Durk van Tuinen (VNO-NCW) Anne Jochum de Vries (Sport) (skood oan by punt 2)
Fan Omrop Fryslân:	:	Nina Hiddema (direkteur/bestjoerder) Ingrid Spijkers (haadredakteur)
Ofwêzich m.k.	:	Anne van Dijk (FNV)
Ferslach	:	Hiltsje Stremmer (direksjesekretaresse)

1. Iepenjen

Foarsitter Lindeboom ropt elkenien it wolkom ta. Van Dijk is ôfwêzich mei kundskip.

2. Roaster fan ôfgean/gearstalling Mediaried

a. Beneaming nije lid foar de sit fan Sport A.J. de Vries:

Foarsitter Lindeboom hat koartlyn in petear hân mei Anne Jochum de Vries as opfolger fan Houkje Rijpstra. De Vries is direkteur fan Sport Fryslân. Foarsitter is fan miening dat De Vries fan út de Sport in goede oanfolging wêze sil foar de Mediaried en stelt foar om oer te gean ta beneaming. De Mediaried leden binne hjirmei akkoart.

Anne Jochum de Vries slút hjirnei gelyk oan by de online gearkomste. Foarsitter seit De Vries fan herte wolkom yn dit fermidden. Der wurdt in rûntsje dien om mei-inoar yn 'e kunde te kommen. De Vries jout oan dat hy him mei in soad nocht en wille oanslút by de Mediaried en him hjirfoar ynsette sil.

3. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach fan 24 febrewaris 2020:

Punt 3: Gearwurkjende partners meinimme yn it ferfolchtrajekt: Nina Hiddema lit witte dat dit foarearst noch net organisearre wurde sil. We hâlde it wol yn it omtinken.

Punt 5b: Programmabelied/nije programmearring: Richt Sterk freget har ôf wannear't de nije web en app ferwachte wurde kin: Nina Hiddema lit witte dat dat heechst wierskynlik ein fan de simmer ferwachte wurdt.

Punt 5b, side 3: Programmabelied: Hoe nijsgjirrich is de podcast as platfoarm? Ingrid Spijkers jout oan dat de podcast yntusken foar ferskate platfoarms útset is: de sportcast hat in groep harkers dy't noch altiten groeit (giet noch net om tûzenen). De minsken harkje de podcast wol hielendal út. Der wurdt binnen de Omrop al wol in soad produsearre; binne in soad ideeën foar. Dêrom is der in wurkgroep formearre dy't dêr belied foar makket, wêr't in podcast oan foldwaan moat ensfh.

Haad Publyk: Fan 1 jannewaris 2021 ôf is it haad Publyk, Rigt Oostenbrug, by de Omrop. Op dit stuit is se dwaande mei it ynwurkjen en it organisearjen fan de nije ôfdieling. De ôfdieling is dwaande mei in nije bûtenkampanje dy't fan takom wike ôf troch hiel Fryslân te sjen is.

Mei achtslaan fan boppesteande wurdt it ferslach fêststeld.

b. Aksjelist:

Der binne gjin opmerkingen of oanpassingen.

4. Meidielingen

Foarsitter lit witte dat Andrys de Blaauw, lid út namme fan de Freonen fan Omrop Fryslân, yn ferbân mei privé-omstannichheden betanke hat foar de Mediaried. De Freonen komme ynkoarten mei in nije foardracht.

It ôfskied fan Houkje Rijpstra (Sport) en Andrys de Blaauw sil, as de maatregelen it talitte, yn maaie plak fine → **aksjelist**

5. Programmabelied:

Nije programmearring en rinnende saken

Haadredakteur Spijkers jout in taljochting op taheakke stân fan saken. De fokus leit fansels op de deistige saken; de nije programmearring is 'wurk in progress'. De einredakteuren binne dwaande west mei de nije programmearring. Elkenien is dêr mei oan 'e slach gien. Tsjil is op stoom, der sil bygelyks ynkoarten starten wurde mei in famyljefloch. De Provinsje hat de Omrop frege om in fernijend en leechdrompelich projekt del te setten en dêr is 'Tjits, de floch' út kaam. Sil foarearst net foar TV wêze; de doelgroep sil it op Youtube wol goed fine kinne.

Haadredakteur lit noch witte dat de kommende wiken hast alle listlûkers oanskowe by it Polytburo.

Kwa rinnende saken binne der gjin opfallende saken te melden; it iis fan de ôfrûne wiken docht de Omrop goed, minsken witte de Omrop dan wol te finen.

Fan út de Mediaried binne hjiroer de folgjende fragen/opmerkingen:

Richt Sterk merkt op dat se de reportaazje oangeande it MCL tige oangripend fûn, wie unyk wat de Omrop hjir dien hat. Ingrid Spijkers jout oan dat it fersyk foar dizze reportaazje der al earder lei, mar no slagge is om te meitsjen.

Nije radioprogrammearring: Haadredakteur jout oan dat foar alle programma's in profyl skreaun is dêr't oan foldien wurde moat. Wat binne de ambysjes en foar guon programma's betsjut dat in oare tone of voice. De fraach dy't dêrnei komt is wa past by hokker programma. It doel is net om elkenien op it selde plak te hâlden. Dat hat wol wat tiid yn beslach naam, mar dat is no rûn. No wurdt der fierder sjoen nei de formats en de ynhâld fan de programma's.

Johannes Houtsma: Haadredakteur lit witte dat der nei de radio, no sjoen wurde sil nei wat de Omrop útstriele wol op TV en online. Mar dat moat dochs itselde wêze as wat we útstriele op de radio? Ingrid Spijkers jout oan dat dêrmei bedoeld wurdt dat de Omrop by de TV wat mear ferdjipje wol, bygelyks mei in programma as de Thúsakademy. En op de app is mear it flugge nijs te finen; it nijs wat gau nei bûten brocht wurde moat; dat jildt ek foar de radio.

Richt Sterk sjocht graach dat de eftergrûn it faker wint fan de spultsjes en kwissen; it foarbyld fan de Thúsakademy is wol in oanwinst.

Johannes Houtsma freget him ôf oft de ferskate dossiers dy't der yn Fryslân spylje by de lange ferhalen op de redaksje terjochte komme. Haadredakteur jout oan dat dat kloppet, lykas de ferhalen om de wynmûnen, it veenweide-gebiet en ek de Lelylijn hinne. De ynfallen by drugslabs op ferskate plakken yn Fryslân giet bygelyks nei de middellange redaksje om út te sykjen wat der oan de hân is.

By de middellange redaksje is der in tried nei de aktualiteit nedich, mar wol mei in langere tarieding as it flugge nijs. Op 8 maart sil de middelredaksje bygelyks in spesjaal programma om 'ien jier corona' hinne meitsje.

Houtsma freget him ôf oft it de rol fan de Mediaried ek is om middellange en lange ûnderwerpen troch te jaan by de redaksje. Bestjoerder begrypt dat wol, mar dat is net de rol fan de leden fan de Mediaried. De rol is mear om te sjen oft de Omrop docht wat der yn de wet stiet. Lykas de goedkar jaan oer it nije strategysk belied, sa't dat ôfrûne jier bart is. It giet oer it totale plaatsje en net oer yndividuele ûnderwerpen.

Foarsitter Lindeboom: is der al wat mear bekend oer oft der goed sjoen wurdt nei it Regio Nijs op NPO 2? Ingrid Spijkers lit witte dat der yntusken al wol in enkête útset is; dêr wurde de reaksjes earst fan ôfwachte. Dêrnei sil besjoen wurde oft de Omrop it RegioNijs ek yn de carrousel opnimme sil.

Foarsitter winsket haadredakteur en bestjoerder sukses mei it ûntwikkeljen fan it nije belied.

6. Omfreegjen

Frysk op de webside en app (Richt Sterk): Falt op dat op de webside en de app it Frysk sa no en dan wol min is. Haadredakteur en bestjoerder nimme dat mei.

Marrit de Schiffart: soe graach de foar- en achternamme tenei yn it ferslach sjen. Mediaried is akkoart.

Underwiis en programmearring (Afke Bruinsma): yn ferbân mei har achtergrûn soe Afke Bruinsma graach wat mear witte wolle oer de jongerenprogramma's fan de Omrop. Ofpraat wurdt om sadree't we wer fysyk byinoar wêze meie dat de ôfdieling Tsjil frege wurde sil om in presintaasje te jaan → **aksje** presintaasje Tsjil by fysike gearkomste

Sichtberheid Mediaried (Anne Jochum de Vries): jout oan net sa folle fine te kinnen oer de Mediaried. De leden sitte net foar it eigen belang yn de Mediaried, mar foar in streaming. Moatte de leden dan ek mear sichtber wêze? Dêr soe bygelyks it eigen netwurk foar brûkt wurde kinne. Direkteur lit witte wat hoeden te wêzen mei it foarstel om de Mediaried as 'sprekbuis' prate te litten foar de Omrop. Yn it ramt fan de transparânsje is it miskien wol goed om ris te sjen hoe't de Mediaried nei bûten ta better presintearre wurde kin.

Beslút: Ynkoarten sil de ferdjipping fan de rol fan de Mediaried ris yn in (tema)gearkomste bepraat wurde; hoe presintearret de mediaried, fan út de takende rol wei, har nei bûten ta → **aksjelist**

7. Sluten

Frou Lindeboom seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en slút de gearkomste om likernôch 17.20 oere.

FERSLACH

Gearkomste	:	Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân
Datum	:	28 juny 2021
Oanwêzich	:	Afke Bruinsma (Underwiis) Anne van Dijk (FNV) Johannes Houtsma (It Fryske Gea) Akkie Lindeboom-Jager (Deskundige bestjoerlik mêd en foarsitter) Saapke van der Meer (Ried fan Tsjerken Fryslân) Marrit de Schiffart (Media) Richt Sterk (Ried fan de Fryske Beweging) Peet Sterkenburgh (LTO) Anne Jochum de Vries (Sport)
Fan Omrop Fryslân:	:	Nina Hiddema (direkteur/bestjoerder) Ingrid Spijkers (haadredakteur)
Ofwêzich m.k.	:	Durk van Tuinen (VNO-NCW)
Ferslach	:	Hiltsje Stremmer (direksjesekretaresse)

1. Iepenjen

Foarsitter Lindeboom ropt elkenien it wolkom ta. Van Tuinen is mei kundskip ôfwêzich. Der is in wolkom foar Anne Jochum de Vries fan de Sport dy't foar 't earst fysyk by de gearkomste oanwêzich is.

Koart wurdt der noch even stilstien by it ferstjerren fan âld Mediaried-lid Andrys de Blaauw.

2. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach fan 15 febrewaris 2021:

Der binne gjin opmerkingen of oanpassingen en it ferslach wurdt dêrmei fêststeld.

b. Aksjelist:

In ôfspraak mei Saapke van der Meer yn ferbân mei it vice-foarsitterskip sil ynpland wurde.

3. Meidielingen

- Fuortgean direkteur Hiddema: Nina Hiddema ljochtet it beslút om by de Omrop fuort te gean ta. Om ferskate (persoanlike) redenen en ôfwagingen is dat beslút makke. By de Ried fan Kommissarissen hat Hiddema oanjûn om ein fan dit jier op te hâlden by de Omrop; wol dat net samar út hannen falle litte. Op dit stuit hat Hiddema noch gjin nije baan. It bedriuw BeljonWesterterp sil foar de simmer de fakatuere pleatse, sadat der nei de simmerfakânsje de earste petearen plak fine kinne. Ofhinklik fan hoe't de proseduerre ferrint en hokker kandidaat der út komt, hopet Hiddema noch har opfolger ynwurkje te kinnen. Nina Hiddema jout oan dat de Omrop mei Ingrid Spijkers en de oare MT-leden yn goede hannen is. Foarsitter jout oan dat it spitich is, mar winsket Hiddema in soad sukses mei de nije útdaging.
- Ynterview Ljouwerter Krante: Kommende sneon sil der in ynterview mei Ingrid Spijkers yn de Ljouwerter Krante (Sneon&Snein bylage) stean.

4. Programmabelied

Stân fan saken Radio en TV-programmearring en foarútsjoch simmer-, hjerst- en winterprogrammearring:

Ingrid Spijkers: Fan 31 maaie ôf draait de fernijde radioprogrammearring. De Omrop sels is wiis mei de oanpassingen en de earste reaksjes fan de harkers binne ek goed. It wurdt in drokke sportsimmer; der is hiel lang mei twa roasters wurke y.f.m corona. Mar sa't it no liket giet alles troch (mar fansels wurde de maatregelen goed yn 'e gaten hâlden).

Yntusken is der troch in begeliedingsgroep TV úteinset mei de nije tv programmearring. Dêrby wurdt sjoen nei de folgjende ûnderdielen:

- nij format foar Fryslân Hjoed
- wat dogge we yn de tsien-minuten programma's
- Kinne we leechdrompelige live-formats ûntwikkelje yn hybride studio, we eksperimintearje no mei Op en Ut yn it Mediakafee.

De ferwachting is dat der yn oktober in plan leit en dat de oanpassingen yn jannewaris 2022 ynfierd binne.

Foar de kommende tiid steane der meardere gruttere projekten op de aginda, bygelyks: Op 4 jannewaris 2022 is it 25 jier ferlyn dat de lêste 11-stêdetocht op redens ferriden is; Arcadia sil yn oparbeidzjen mei Tryater hjir in foarstelling oer meitsje en de Omrop sil hjirby wêze. Mei it programma Maitiidswalker hat de Omrop foar it earst in natuersearje makke en wy wolle dat graach útbouwe. Dêrneist sil der besocht wurde om in grut projekt te meitsjen om Sterke Yerke/Tallshipsraces hinne. Der wurdt ek wurke oan in soad fan Instagramsjoernaal, fergelykber mei NOSstories.

Van Dijk: wat jout dat de redaksje sels tefreden is oer de fernijingen? Ingrid Spijkers jout oan dat it fris is, der binne oare kombinaasjes yn de presintaasje makke. It is in nij lûd, mei jong talint. Der is mear de ferbining socht tusken jong en âld.

Fan út de Mediaried wurdt frege as der al sifers bekend binne; Ingrid Spijkers jout oan dat dat net earder echt dúdlik is as oer in jier. Soks moat groeie en radio is slow business.

Wat binne de reaksjes fan de harkers? By de lêste útstjoering fan Weistra op Wei kamen der in soad mails dat it sa spitich wie dat it stopje soe; mar mei de fernijde programmearring kriget de Omrop ek wer in soad berjochten dat dat wurdearre wurdt. Der wie de lêste tiid wol krytyk op Musyk yn Bedriuw. Alles gie mear op routine. Dat liket no better mei it programma No Derfoar; de kombinaasje mei it nijs is no moarns ek better.

Harkers jouwe noch wol oan dat se wenne moatte oan Noardewyn. Fan út de Mediaried binne de mieningen oer de programmearring ek noch wat ferdield.

Haadredakteur jout oan dat de nije programmearring yn elk gefal syn tiid nedich hat en dat it ek noch groeie moat. De kommende tiid sille der geregeld evaluaasjes plak fine.

De Vries is fan mening dat de feroaringen foar de makkers heechst wierskynlik goed is; de routine is der út en dan makket wer skerper. Dan hearst de wille en enerzjy ek wer mear.

Nei in fraach fan út de Mediaried oer de doelgroep op de radio, jout Spijkers oan dat dat benammen 50+ is, dêrom wol de Omrop ek net te jong klinke.

Instagram is mear foar de jongerein, dêr stiet mear fideo op en wurde oare karren makke wat foto's ensfh oanbelanget.

Koartlyn is der in nije einredakteur foar de web en app oannaam en dêrmei is de Omrop no hiel hurd dwaande om dat oars oan te pakken. De app is wichtich foar in grutte doelgroep; livestream is dêryn bygelyks ek goed te brûken. De website wurdt basearre op de app; it is 'moby first'.

Haadredakteur freget nei de mieningen oer 'De Maitiidswalker'. Guon oanwêzigen jouwe oan dat dizze nije, edukative foarm, bot oansprekt. Miskien hat de jongerein hjir ek wol mear ferlet fan, want it is hiel leegdrompelich. Yn it begjin foel it wol op dat it wat sykjen wie nei de goeie foarm, mar dat waard wol hieltiten better. Ingrid Spijkers jout oan dat der miskien yn 'e hjerst 'De Hjerstswalker' makke wurde sil dy't dan takom jier útstjoerd wurde sil.

Nei in fraach fan Marrit de Schiffart oer hoe't de podcasts beharke wurde lit haadredakteur witte dat wol goed giet, mar dat der binnen de Omrop wurke wurdt om dêr belied op te meitsjen. Dêryn komt benammen de fraach nei foaren: wat wolle wy mei de podcast en we moatte der om tinke dat net elkenien mei in podcast dwaande is. Der wurdt benammen goed harke nei 'de Boekekast' en de podcast fan FryslanDOK. Willem de Vries hat sa no en dan ek in podcast yn Noardewyn, dat is ek in goed platfoarm. En bygelyks de podcast fan Fan Binnenút is in oanfolling en ferdjipping op it programma Fan Binnenút dat op TV útstjoerd wurdt.

Saapke van der Meer: hoe giet it mei de sjochsifers fan de Tsjerketsjinsten? Ingrid Spijkers jout oan dat dat wol goed besjoen wurdt, ek fan bûten de Provinsje en yn it bûtenlân. It is noch net wis oft de Omrop der mei troch giet. It is wol in reedlike ynspanning foar de Omrop (mar ek in goed opliedingsplak) en dêrneist is der de fraach oft it wol by de Omrop past en is der aanst ek noch genôch ferlet fan. Guon minsken heakje no lykwols ek wer oan dy't earder net mear nei tsjerke gongen.

It past wol by de community's, mar der moatte ek karren makke wurde. De karren geane earst altiten by de ynhâldlike latte del, it jild is hjiryn net liedend lit direkteur witte.

De Vries is fan mening dat der in soad krêft sit yn de mienskip, doarpen en ferieningen. Dy krêft moat Fryslân behâlde. Mar dizze ferieningen hawwe der klauwen oan om de ferieniging fest te hâlden. Haadredakteur jout oan dat der by Simmer yn Fryslân hjir in soad oandacht oan jûn wurdt troch de doarpen sintraal te setten.

5. Tussentijdse evaluatie Concessie Beleidsplan Regionale Publieke Omroep

Foar kundskip leit de tuskentiidse evaluaasje fan it konsesjebeliedsplan 'Liefde voor de Regio' 2017-2025 skreaun troch de RPO en de 13 regionale omroppen yn Nederlân. De evaluaasjekommisje hat tegearre mei ûndersyksburo Kwink hjirfoar alle direkteuren, haadredakteuren, foarsitters fan de Mediarieden en de haadredakteur fan de NOS ynterviewd. Dat moat in opmaat wêze foar de twadde planperioade (earste planperioade rint oant 2022) en in folgjende prestaasje-oerienkomst.

Houtsma freget him ôf hoe't dit dan wer by de omroppen werom komt. Direkteur jout oan dat it wichtich is om te soargjen dat de twadde faze fan de wetjouwing net weromhelle wurdt.

Dêrneist is it foar Omrop Fryslân wichtich is om it Frysk te behâlden en yn de Fryske mienskip woartele te bliuwen en dêr de kommende jierren op yn te setten.

Der sil dêrneist foar alle omroppen de kommende jierren sjoen wurde nei de gearwurking regionaal en lokaal. De Omrop is hjir al goed mei dwaande, lykas gearwurking mei RTV Noord en RTV Drenthe yn spesifike dossiers lykas de Lelyline.

Ek de goede gearwurking mei de lokale omrop RTV-NOF en de Leeuwarder Courant en it Friesch Dagblad binne goede foarbylden.

Dêrneist hat de Omrop foar in jier in meiwurker oansteld dy't har dwaande hâlde sil mei de mooglikheden Europeeske subysdzjes. Der sil ek sjoen wurde nei mooglikheden fan it oplûken mei oare Fryske organisaasjes oangeande subysdzjes foar minderheidstalen.

Fan út de Mediaried wurdt ôffrege oft de Omrop op dit stuit nei ferhâlding foldocht oan de doelstellingen. Haadredakteur Spijkers jout oan dat dat yn totaal wol helle wurdt.

Nina Hiddema jout oan dat der op dit stuit gjin doel neamd wurde sil yn de prestaasje-oerienkomst dat net helber is. Dêr binne de omroppen meiinoar ferantwurdlik foar.

De Vries: steane der ek ferrassingen yn dit dokumint? Direkteur jout oan dat dat net it gefal is. De wearde dy't it Konesje Beliedsplan earder takend is, as in wurkdokumint, hat it lykwols neffens har net. Binnen de Omrop libbet it dokumint op dizze wize yn alle gefallen net. Binnen de Omrop is it strategysk plan 'Kom Fierder' it útgongspunt.

6. Omfreegjen:

L1 jierferslach: Afke Bruinsma jout oan dat de Mediaried koartlyn in jierferslach fan L1 trochstjoerd krigen hat. Wurdt der foar de Mediaried fan de Omrop ek sa'n jierferslach makke.

Foarsitter jout oan dat wol makke wurdt, mar koarter en lytser. It it lykwols net goed op de webside te finen en de leden fan de Mediaried hawwe dat noch net ûntfongen.

Ofpraat wurdt dat de Mediaried it ferslach fan de Omrop noch trochstjoerd kriget en dat der besjoen wurde kin oft it op in better plak op de webside delset wurde kin → **aksje dir.sekr en direkteur**.

7. Sluten

Frou Lindeboom seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring. Winket elkenien in noflike simmer ta en slút de gearkomste om likernôch 17.30 oere.

FERSLACH

Gearkomste	:	Regionale Mediaried fan Omrop Fryslân
Datum	:	13 septimber 2021
Oanwêzich	:	Afke Bruinsma (Underwiis) Anne van Dijk (FNV) Johannes Houtsma (It Fryske Gea) Akkie Lindeboom-Jager (Deskundige bestjoerlik mêd en foarsitter) Saapke van der Meer (Ried fan Tsjerken Fryslân) Marrit de Schiffart (Media) Richt Sterk (Ried fan de Fryske Beweging) Peet Sterkenburgh (LTO) Durk van Tuinen (VNO-NCW) Anne Jochum de Vries (Sport)
Fan Omrop Fryslân:	:	Nina Hiddema (direkteur/bestjoerder) Ingrid Spijkers (haadredakteur)
Ofwêzich m.k.	:	----
Ferslach	:	Hiltsje Stremmer (direksjesekretaresse)
Lokaasje	:	Hotel Van der Valk, Ljouwert

1. Iepenjen

Foarsitter Lindeboom ropt elkenien it wolkom ta.

2. Ferslach en aksjelist

a. Ferslach fan 28 juny 2021:

Der binne gjin opmerkingen of oanpassingen; dêrmei wurdt it ferslach fêststeld.

b. Aksjelist:

- *Roaster fan ôfgean*: Foarsitter Lindeboom jout oan har net wer foar in twadde termyn beskikber te stellen en Durk van Tuinen is takom jier ôftredend. Der binne noch fjouwer leden wêrfan't de earste termyn takom jier ôfrint. Foarsitter sil mei de tiid kontakt mei harren opnimme foar in eventuele twadde termyn.
Richt Sterk is fan miening dat it in goed momint is om, foardat der nije minsken oannaam wurde, nochris nei it profyl fan in lid fan de Mediaried te sjen. Earder hat de Mediaried de aksje ôfpraat om mei in (tema)gearkomste te sjen hoe't de Mediaried har nei bûten ta presintearje kin. Is it net better om earst nochris yntern goed te besjen wat der fan de leden ferwachte wurdt.
- It petear mei Saapke van der Meer, yn ferbân mei it *vice-foarsitterskip*, sil tagelyk hâlden wurde mei it petear mei de nije foarsitter.
- *Ofskied H. Rijpstra*: omdat dat no ek noch net slagget sil de foarsitter kontakt mei har opnimme en har op dizze tank sizze foar de ynset foar de Mediaried.
- *Tsjil presintaasje*: sil op de wurklist fan desimber 2021 set wurde.

3. Meidielingen

Der binne gjin meidielingen.

4. Programmabelied

Haadredakteur Ingrid Spijkers praat de Mediaried by oer de programmearring foar de kommende tiid. Nei de simmer sil de reguliere programmearring wer oppakt wurde. Der is útein set mei in nije rige fan Fan Binnenút. Op freed is der wer it Polytburo en Noardewyn is der alle jûnen tusken 18.00 – 19.00 oere op de radio.

Oant en mei de ein fan dit jier sille de tsjerketsjinsten noch útstjoerd wurde. Reitse Spanninga makket foar de lêste wiken fan it jier ek wer in oantal programma's. Liet en de Thúsakademy sille de kommende tiid ek wer te sjen wêze.

Omroep MAX wol graach mei de regionale omroppen wurkje en dêr sil in eksperimint mei dien wurde.

Sterkenburgh freget him ôf oft de ôfrûne tiid net hiel bot skeakeljen wie. Haadredakteur jout oan dat der wol hieltiten mei twa senario's wurke is.

Dêrneist freget Sterkenburgh oft de ûnwissichheid troch corona ek yn de finânsjes werom te sjen is. Direkteur lit witte dat it noch net dúdlik is oft der mear oerhâlden wurde sil dit jier. Heechst wierskynlik sil de Omrop net bot negatyf útkomme úteinlik. Der sil noch besjoen wurde hokker ynvestearringen der dit lêste heal jier noch dien wurde kin.

5. Beliedssyklus

Presintaasje kaderbrief troch Nina Hiddema, direkteur

Taheakke is de kaderbrief foar de folsleine organisaasje. Direksje en haadredaksje wol graach mei de Mediaried it oandachtsgebiet Ferhalen trochnimme en beprate.

Fia in presintaasje (sjoch taheakke) nimt direkteur de Mediaried mei fan ôf it begjin fan it strategysk plan Kom Fierder. Fan út Kom Fierder is de fierdere ynrjochting fan de struktuer en de kaderbrief kaam. Hjiryn is der foar de Mediaried in fêst plak. Yn Kom Fierder sette we it publyk sintraal en dêrneist groei en leare.

Posysje Mediaried yn de beliedssyklus: (sjoch taheakke presintaasje)

It doel is dat de Mediaried mear in ûnderdiel fan de beliedssyklus wurdt. Foarhinne waard der binnen de Mediaried mear op programmanivo praat. De Mediaried giet lykwols benammen oer it belied: komt de opdracht fan de Mediaried genôch werom yn de programmearring.

De syklus fan de Mediaried soe dan as folget wêze: It jierplan en begrutting wurdt yn novimber foar goedkar by de Ried fan Kommissarissen op de wurklist set en dêrnei yn de desimbergearkomste fan de Mediaried bepraat. Yn febrewaris sil it jierferslach fan de Mediaried op de wurklist stean. Yn de maaie-gearkomste sil der werom- en foarútsjoen wurde en yn septimber stiet de kaderbrief op de wurklist.

Anne Jochum de Vries soe der foar pleitsje om dizze oanpassing ek mei te nimmen yn it kritysk besjen fan it profyl fan de Mediaried.

Wat de kaderbrief oanbelanget giet de Mediaried benammen oer it oandachtsgebiet 'Ferhalen'.

Haadredakteur jout oan dat der op de redaksje hâlden wurdt oan de wichtige tema's fan Kom Fierder en dy moatte dan tenei as agindapunt op de wurklisten komme te stean; te witten:

- *Smeltende tradysjes*
Der binne guon spesjale projekten dêr't de Omrop op yn sette wolle, bygelyks takom jier is it 25 jier ferlyn dat der in 11-stêdetocht west hat en Arcadia bringt in foarstelling oer tradysjes. De Omrop besteget in soad oandacht oan tradysjes en wol hjir omhinne in projekt dwaan.
- *Enerzytransysje*
Hjir sil besocht wurde om alle fasetten yn mei te nimmen (byg. Lelyline en feangreide)
- *Belibbing fan de de natuer & Ekology*
Bygelyks dwaande mei it opsetten fan in projekt fan Sterke Yerke (plastic soup, fersmoarging fan de waadsee) mei it finen fan nije bemanning.

It doel is om mei de tiid ek tema-gearkomsten op te setten yn de provinsje, om de ferbining te sykjen.

Fan út de Mediaried:

Durk van Tuinen freget him ôf oft de Omrop ek wat docht mei de besparring fan enerzjy. Haadredakteur jout oan dat dizze diskusje wol minder wurdt.

Marit de Schiffart: werom is de kar makke foar trije tema's? Omdat der al safolle te dwaan is takom jier en dat dit foarearst genôch is, lit Ingrid Spijkers witte.

Afke Bruinsma: Wurde de tema's ek trochlutsen nei de jongerein? Haadredakteur jout oan dat dat hjir en dêr wol it doel is. Sterke Yerke kin bygelyks hiel goed trochlutsen wurde nei Tsjil. Guon oanwêzigen sjogge graach dat der fan út de tema's ek sjoen wurdt nei de wrakseling dy't der mei de tema's wêze kin en wat dat spesifyk foar Fryslân en foar minsken persoanlik betsjutte kin. En hoe't dat foar de ferskate generaazjes wêze kin.

Haadredakteur lit witte dat it de taak fan de Omrop is om breed yn te setten om elkenien mei te nimmen.

Anne van Dijk freget him ôf oft it noch mooglik is om opmerkingen oer útstjoeringen troch te jaan. Dat kin altiten by de haadredakteur trochjûn wurde.

Richt Sterk: is der ek in taalbeliedsplan foar de takomst? Nina Hiddema jout oan dat binnen de Omrop wol wraksele wurdt wat de Fryske taal oanbelanget; is yntern altiten ien fan de dreechste tema's. Fia de Provinsje hat de Omrop te hearen krigen dat der yn Brussel subsydje is foar lytse talen. Foar in bepaalde tiid hat de Omrop no immen oansteld dy't har hjirmei dwaande hâlde sil (beliedsadviseur Fryske taal en kultuer) De Omrop is lykwols gjin taalbefoardingynstitút. Op de redaksje is dêrneist dreech om ferslachjouwers te finen, lit stean ferslachjouwers dy't it Frysk goed ûnder de knibbel hawwe (benammen it lêzen en skriuwen) dan wurdt der meastal keazen foar de kwaliteit as ferslachjouwer. Dat ûnderwerp wurdt meinaam yn de smeltende tradysjes; hoe soargje wy derfoar dat it ûnder de mienskip bliuwt.

Van Dijk: Hoe giet it mei it Frysk by de gearwurking mei de lokale omroppen? Haadredakteur jout oan dat dat by RTV NOF hiel goed giet. By LEO giet dat wat op en del. Dit is noch wol in punt fan diskusje mei de einredakteuren.

Beslút: Nei oanlieding fan boppesteande en de opmerking fan Richt Sterk by de aksjelist, sil it punt: Fierder sjen nei it profyl/rol fan de leden fan de Mediaried op de aksjelist set wurde → **Aksjelist**

Haadredakteur Ingrid Spijkers jout oan dat se wiis is mei de ynput en nimt dat mei.

- b. Ynrjochting gearkomsten en takomst Mediaried
Is by punt 5a al oan de oarder west.

6. Kom Fierder kampanje

Presintaasje troch Rigt Oostenbrug haad fan de ôfdieling Publyk.

Rigt Oostenbrug is sûnt desimber 2020 by de Omrop begûn en gelyk dêrnei is der úteinset mei de start fan it bouwen fan in nije ôfdieling Publyk (gearfoeging fan de ôfdielingen Marketing & Kommunikaasje, foarmjouwing en online)

Foar de earste kampanje wie it doel om yn oparbeidzjen mei de redaksje en technyk te wurkjen. Dat is de kwoot-kampanje wurden. It doel is dat dat in trochrinnende kampanje wurdt en dêrom is der foar de kommende moannen in ferfolch-kampanje makke. Foar dizze ferfolch kampanje binne der wer kwoots socht dy't út de programma's/ferhalen komme. Oeral yn Fryslân komme dy te hingjen en fansels wurdt der oandacht foar jûn op de socials fan Omrop Fryslân.

Yn de abri's fan de bushokjes komt in QR koade op de posters te hingjen dy't sjen lit wêr't de kwoot weikomt en wat it ferhaal derachter is. Op de laningspagina fan de webside komt alle dagen wer in ferhaal oer de kwoots te stean.

Dêrneist sil der in krante makke wurde dy't hús oan hús fersprieden wurde sil (233.000 kranten). Op de middenside fan de krante sit in poster fan in doarmatte; dejinge dy't de poster foar it rût hingjen hat makket kâns op in echte Omrop Fryslân doarmatte.

Wat de Omrop oanbelanget sille we trochgean mei dizze kampanje yn ferbân mei de werkenberens. Der sil ek wer in mjitting dien wurde om te sjen hoe't de kampanje wurket by it publyk.

Foarsitter seit Rigt Oostenbrug tige tank foar de presintaasje.

7. Omfreegjen

Hjir wurdt gjin gebrûk fan makke.

8. Sluten

Frou Lindeboom seit elkenien tank foar de oanwêzigens en ynbring en slút de gearkomste om likernôch 17.55 oere.